

FRYSKE FERSKES FOAR SINTEKLAAS!



WAT KRIJE WY NO?

Yn oktober ferskynt der in kompakt skiif fol mei âlde en nije Fryske Sinteklazeferskes. En it moaie is: om't de Stifting Warber Fryslan it gebrûk fan de Fryske taal ûnder bern stimulearje wol, wurdt dizze skiif net allinne tsjin in hiel skappelijke priis ferkocht (ferkeappunten wurde bekend makke op www.warberfryslan.nl), mar ek noch ris fergees oanbean by alle basisskoallen yn Fryslân! Dus juffers, masters, begelieders en âlders: Fryske ferskes foar Sinteklaas dit jier!

Wa dogge der mei?

Op de skiif komme net allinne âlde Sinteklazeferskes, mar ek nije. Dizze nije ferskes binne makke troch bekende Fryske muzikanten en skriuwers mei hert foar de taal. Minsken dy't ek leauwe dat it wichtich is om it gebrûk fan it Frysk ûnder bern te stimulearjen. De nije ferskes binne ûnder oaren makke troch Piter Wilkens, MC Remon, Gurbe Douwstra, Doede Veeman, Fokke Miedema, Adri de Boer, Hindrik van der Meer en Meindert Talma.

Wat is de bedoeling?

Stifting Warber Fryslân hopet mei dizze aksje de juffen en masters fan de basisskoallen, de begelieders op de pjutteboartersplakken en ek alle âlders yn Fryslân in middel yn hannen te jaan wêrmei't se harren bern dit moaie feest ek yn de eigen taal belibje litte kinne. It wurdt tiid om Sinteklaas hearre te litten dat der ek hiele moaie Fryske Sinteklazeferskes binne!!



Mei meiwurking fan bern fan basisskoalle "De Wyngert"
út Drachtster Kompenije en "By de Boarne" út Boarnburgum
ûnder begelieding fan Egbert Klazenga



Drukken & Digital Printing
info@flyerprint.nl • www.flyerprint.nl

Produksje: Stifting Warber Fryslân - www.warberfryslan.nl

